

Op Tzienzerbuorren ander Roardhuzum stiet in betreklik jonge pleats mei in rûne skoarstien, dy 't dan ek de "Rûne Skoarstien" neamd wurdt. Eic foar dizze pleats stie der al sa'n pleats mei sa'n skoarstien. Op dizze pleats wenne yn de foarige ieu yn 'e simmer in jonker Vegelin van Claerbergen, dy 't troch it gewoane folk meastal "de gekke jonker" neamd waard. No, syn ferstdn hie er wol, mar hy brûkte it wat oars as de minsken om him hinne. As er sin oan in pikelhearing hie, stjoerde er syn feint mei de heawein nei Ljouwert om der ien te hellen. Is dat gek? "Een ander krijt syn pekelhering niet as hij er sin an het en ik wel" ornearre de jonker. Hy wie net troud en op in kear fûn er syn koets te grut foar ien man. Dus krige baas- weinmakker de opdracht om der in stik tusken at te nimmen, sa grut as de jonker mei kryt oanjûn hie. De fakman aksele tsjin en sei, dat soks net koe. Hoe soe dat net kinne? sei de jonker. "Wanneer jou met nieuw-jaar met de rekening kwamen, hew ik dan welris seit: Dat ken niet?Of,jou benne te duur? Jou sage en knippe en hakke en doene mar eenfoudich fan boven 6f naer onderen toe en oek deur it onder-stel. ik hew krytstrepen set en dan kenne de wielen nog vrijlope." Doe 't de weinmakker it ûnderstel klear hie, krige de jonker op in moaie dei sin om efkes at riden te gean. Mar .....it ôftimmeijen moast noch begjinne. Doe't de weinmakker sei, dat it rydtûch noch net mei goed fatsoen de wei op koe, joech de jonker de oarder, dat der in stegerke om it gefal slein wurde moast. Dan koene de timmerfeinten ander it riden noch wat dwaan. Hoe't baas-wein-makker ek bearde, it barde sa as de jonker oarnearre hie. De minsken, dy 't it reau de oare deis riden seagen, skuorden har de bi2sen it fan it laits/en. De jonker bleau kalm en doe 't de wurkfeinten nei syn sin net te hurd arbeiden en gekheid mei de omstanders makken, sei er: "Jimme moete wete, dat ik tt riden ben foor myn plesier en jimme niet. Jimme moete werke foor jimme daghuur." Jonker Vegelin hie ek wol nocht oan ûnnocht en hie de grutste wille, as er mei syn meiwurkjen minsken tsjin elkoar opsette koe, sadat se elkoar op it lést by de lurven pakten. Mar ek hie er in hert fan goud. Want yn de tsjustere wintermoannen sette hij minsken oan it wurk. Hy liet se b.g. de beammen om de pleats útlinje. It hout liet er ta talhouten seachje. Mar dy moasten dan wol like lang. Mei de tûmstôk derby! En dan grien fervje en letter ien foar ien op 'e souder bringe. As eigener fan "de Terp" by de Roardhûster buorren liet er in grut gat yn 'e terp grave. De kanten mei it s/it-lead rjocht ôfstekke en de boaium mei it wetterpas folslein flak. En doe 't it klear wie, mar wer ticht smite. Om koart te gean, in man dy 't it doarpslibben yn de foarige ieu gdns kleur en fleur joech. D. v.d. M.